

# ‘As ien damesromans skriuwt, moatte it goede damesromans wêze’



Elske Schotanus en Piter Boersma nimme de earst ynkommen manuskripten fan Skriuw troch.

Foto LC/Wielze Landman

**Wa't foar it earst in gedicht, in ferhaal of in roman skriuwt hat faak gjin idee oft it foar oaren de muoite fan it lêzen wurdich is. Mei 'Skriuw' wol it Skriuwersboun sokken de helpende hân tastekke.**

**S**imen de Jong, bestjoerslid fan it Skriuwersboun en skriuwer fan de roman 'De lêste halte', kaam op it idee. As soan fan Eelke Simens de Jong, jierrenlang de driuwende krêft efter de Kristlike Fryske Folksbibliteek (KFFB), wit er fan tichtby hoe wichtich redaksjonele begelieding foar skriuwers wêze kin. Sels folge er skriuwkursussen by Scriptplus, in ynstitút dat kursussen jout en skriuwers begeliedt.

Der stie him in Fryske ynstelling foar eagen nei it foarbyld fan Scriptplus. Op syk nei jild foar it projekt kaam er by it S. E. Wendelaar Bongafûns út, in nei in kristlike Fryske beweging en psalmoersetter ferneamd fûns dat yn it ferline gauris bydroech oan spesjale útjeftes fan de KFFB. De bestjoersleden fan it fûns seagen wol wat yn it idee fan De Jong, se stekke de kommende trije jier alle jierren €15.000 yn Skriuw.

Wylst de rige 'Fryske Modernen' fan in oantal Fryske útjouwers ornearre is foar jonge skriuwers dy't al earder in boek publisearre hawwe, is 'Skriuw' bedoeld foar de echte begjanners. Neffens Elske Schotanus fan It Hearrenfean – de koördinator fan it projekt – moatte begjanners gauris in drimpel oer ear't se har wurk nei in literêr tyd-

skrift as de Moanne of Hjir opstjoere. Skriuw besjocht de ynstjoerde manuskripten en stjoert dy – as se genôch kwaliteit hawwe – nei in begelieder dy't de ynstjoerder fierder helpt. It is dêrnei oan de skriuwer sels om in útjouwer of tydskrift foar syn wurk te sykjen.

Elske Schotanus krijt de ynstjoerde manuskripten as earste ûnder eagen. Advizen as 'net mear dwaan' of 'sykje leaver in oare hobby' sil se net gau jaan. „Moatst de minsken de wille fan it skriuwen net ôfpakke. As wat ien skriuwt net geskikt is foar in literêr tydskrift, binne der ek doarpskranten dy't wol wat brûke kinne.”

Sokken krije fan har it advys om earst ris in skriuwkursus by Tresoar of in taalkursus by de Afûk te folgjen. Manuskripten mei wat mear ûnthjit geane anonym nei ien fan de sân begelieders. Dy makket in rapport op, dêrnei wurdt eventueel besletten ta in mear yntinsive begelieding.

Elske Schotanus: „Yn dat rapport wurdt stilstien by de sterke en swakke kanten fan it manuskript. In skoalmaster dy't sûnder taljochting in fiif of in acht op in opstel jout, hast neat oan, dat rapport fan ús begelieders giet fierder. In manuskript hoecht ek noch net ôf te wêzen. Soms sits gewoan eefkes fêst, dan wolst it oan ien lêze litte. Dat kin

dyn partner wêze, mar dat is net altyd genôch. Foar in begjinnend skriuwer kin it hiel belangryk wêze om ien te hawwen dy't oer syn skouder meilêst op punten as begjinsin, styl, perspektyf en klisjees.”

De Fryske literatuer is wolris ferlike mei in te lytse fiver mei te folle rôffisken. Is it wol nedich dat der noch mear skriuwers komme?

Piter Boersma, ien fan de meiwurkers oan Skriuw: „Elkenien wol syn plakje bewrotte, dat jildt foar in gruttere literatuer likegoed as foar in lytsere. Oft der te folle boeken komme, is in kwestje fan de útjouwers. Dy fernimme it fansels as de merk oerfuorre wurdt.”

Elske Schotanus: „Dat stiet los fan dit projekt. Wy wolle minsken de kâns jaan om it talint dat se hawwe te ûntwikkeljen.”

Piter Boersma: „Der komme hieltyd mear Fryske lêzers. Der binne boeken foar de grutte merk, mar der moatte ek boeken bliuwe foar de lytse merken, foar de leafhawwers. Skriuwers moatte de kâns krije om har te ûntjaan. Der is ferlet fan kwaliteit. Fryske literatuer moat hieltyd mear konkurrearje mei Nederlânske boeken. Earder waarden Fryske boeken foaral lêzen yn Fryske rûnten. De minsken lizzen de boeken om't se Frysk wiene of tichtby spilen – in wat romantyske ynslach – mar dat is net mear sa.”

Elske Schotanus: „Ast jongeren oan it Frysk lêzen ha wolst, moatst derûtspringe. As de Fryske boeken net goed binne, bliuwe der gjin lêzers oer. Binnen elk sjenre moatst dy kwaliteit leverje. As ien damesromans skriuwt, moat it goede damesromans wêze.”

Ien fan 'e problemen yn de Fryske literatuer is dat dy útsplitsing nei sjenres noait echt fan 'e grûn kommen is. Der binne literêre romans en algemien-populêre; dames- en misdiedromans, science fiction en oare soarten binne swier ûnderfertsjintwurdige. Piter Boersma: „De Fryske literatuer is jierrenlang droegen troch idealisten. Se woenne de minsken oan it Frysk lêzen hawwe en se tagelyk ferheffe mei moaie literêre boeken. Ien dy't jild fertsjinje woe mei syn boeken, koe better Nederlânsk skriuwe.”

Dy minne ferdieling oer alderhanne sjenres wurdt net mei Skriuw oplost en dat is it doel ek net. Elske Schotanus: „Wy geane út fan de manuskripten dy't wy tastjoerd krije. It kin bêst wêze dat der in hiel soad dichters tusken sitte. Dêr sit de merk hielendal net op te wachtsjen. Dat is dan net oars, wy sizze tsjin in dichter net dat er better romans skriuwe kin.”

## ‘Skriuw’ helpt skriuwers by earste literêre stappen

Skriuwkursussen roppe altyd de fraach op oft immen it skriuwen leare kin. Gerard Reve en W. F. Hermans en – yn Fryslân – Anne Wadman en Rink van der Velde hawwe it skriuwen ek sûnder kursus yn 'e macht krigen. Piter Boersma: „Der sille altyd útsûnderingen wêze, mar in soad skriuwers hawwe har troch de kontakten mei in redakteur fan in útjouwer of tydskrift al pratend fierder ûntwikkele. Wy hawwe mei de redaksje fan Hjir en by de Koperative Utjouwerij altyd in soad oer elkoars wurk praat. Dêr komt fierder mei as mei altyd op dyn eigen keammerke sitte.”

Elske Schotanus: „Wa't derfan oertsjûge is dat er goed boek skreaun hat, kin rjochtstreeks nei in útjouwer stappe. Mar ast twifels hast, kinst terjochte by Skriuw.”

Skriuw is der foar begjinnende skriuwers, net foar skriuwers mei in writer's block, seit Piter Boersma. Elske Schotanus: „Mar sis noait noait. As in skriuwer it eefkes net wit en it is kwestje fan perspektyf, wolle wy him bêst in triuwke jaan. As it psychologysk is, wurdt it oars. Wy kinne bêst in kear sizze: jou it net op. Mar wy gean der net neist stean.”